

Omsjen

## Kolofon

ISBN: 978 94 6365 368 8

1e printinge 2021

© 2021, Anneke Sieperda

Eksimplaren binne te bestellen fia de boekhannel of  
streekrjocht by de útjouwerij:

Utjouwerij Elikser

Ossekop 4

8911 LE Ljouwert

[www.elikser.nl](http://www.elikser.nl)

Foarmjouwing binnenwurk en omslach: Evelien Veenstra

Utjefte fan dit boek waard mei mooglik makke troch de provinsje Fryslân.

provinsje fryslân  
provincie fryslân 

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatisearre  
gegevensbestannen en/of iepenbier makke wurde troch middel fan druk, fotokopy,  
mikrofilm of op hokfoar oare wize dan ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming  
fan de skriuwer en de útjouwerij.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other  
means, without written permission from the author and the publisher.

# Omsjen

Anneke Sieperda





## Foarôf

It ferhaal yn dit boek is basearre op in wier bard drama dat him ôfspile hat yn it ferline. Myn heit koe sa moai fertelle oer de oarlochsjierrren. It wienen spannende ferhalen oer ûnderdûke, Nederlânske minsken út it ferset en Dútske soldaten. Goed en ferkeard. Mem hie it oer in sikehûs yn Ljouwert, dêr't se doedestiids wurke; dêr wienen Nederlanders, Friezen, Joaden en Dútsers, sawol pasjinten as susters en militêre Dútske artsen. It gie net oer goed of ferkeard, mar oer siik en net siik, der moast holpen wurde, punt út. Want wêr giet it om yn ús libben, oer striid en sjen dat je macht krije of oer omsjen nei elkoar.

It wie net maklik foar mem om oer dy oarlochsjierrren te praten. Mar op har eigen wize en op har tiid koe en woe se it ferhaal fan har ferline mei my diele.

In ferhaal dat my nea wer losliet en my ynsjen liet dat je in ûnmjitlik grut ferlies net je hiele libben hoege mei te tûgjen as in swiere lêst, mar it ek optille en meidrage kinne yn je hert, om sa it libben yn 'e mjitte te gean. In libben dat sa oars rinne soe as dat je earst foar eagen hienen.

Dit boek is ynspirearre op myn mem har oangripende libbensferhaal.

Der is skood mei tiid en lokaasje en der is net in dúdlike skieding tusken feit en fiksje. Ik ha boarte mei oantinkens en foarfallen binne byelkoar foege. De ynformaasje, wûn út ferskate boarnen is op in dramatisearre wize ynterpretearre en ik ha net fan doel west om de wierheid trou te wêzen wat foarfallen en karakters oanbelanget.



# 1. Bûnzjend hert

## Kanada 1973

De sinne dy't de hiele dei syn waarmte en ljocht oan de ierde jûn hat, sakket stadich en lit as ôfskie noch in skitterend kleurenpalet sjen fan read, rôs en gielinten. Teatske en har freondinne Jo sjogge beide nei dit machtige spektakel fan kleur en sfear. Sa'n sfear, dat je de stim flústerje litte om dizze stimming fan bewûndering foar de natuer net te brekken.

'Hy is nea by dy wei, do tinkst sa faak oan him,' seit Jo op in lege flústertoan.

Sêft antwurdet Teatske: 'Altyd.'

Dêrnei binne se tegearre in hiel skoft stil. Beide fersonken yn harren eigen tinzen. Tinzen fan langstme, gemis, spyt en ûnwennigens. Yn de fierte hearre se in hûn blaffen en troch de iepen doar fan de feranda klinkt de belslach fan de Fryske klok. In Fryske klok dy't de sekonden, minuten en oeren weitikket op Kanadeeske grûn.

'Ik sil ris wat lekkers ynskinke,' seit Jo as se oerein giet om nei de keuken te gean. Se komt werom mei in flesse wyn en twa glêzen. Wylst se it heldere giel-wite focht yn de glêzen klokke lit seit se: 'Loslitte is ek sa'n ding.' Jaha, knikt Teatske, se sjogge elkoar oan as se de glêzen tsjinelkoar oanstjitte. 'Op it libben,' glimket Teatske.

## Ljouwert, St. Bonifatius hospitaal Mr. P.J. Troelstrawei, oarlochstiid 1941/42

De moanne ljochtet it ploechje ferpleechsters by dy't hastich en mei in soad drok gekwebbel en gegichel harren fyts yn it rek skowe, yn de fytsestalling fan it Bonifatius hospitaal. Se moanje inoar oan om op te sjitten, want it hat krekt acht oere west en dan giet de efteryngong foar de susters op 't slot en moatte se foarom, troch de haadyngong fan it sikehûs. Dat kin je better net ha, want dêr stiet haadsuster Zoëlla, de Dútske non. En dy is om 'e donder net foar de poes.

Yn de hastichheid om har fyts tusken de oare fytsen yn it rek te stallen en mei it foaroerbûgjen om it slot derop te krijen, fernimt Teatske dat der wat heakket efter it kettinkje om har hals. It rekket los en falt op de grûn. It glinsterke fan it krúske soarget derfoar dat Teatske, mei har net al te bêste eagen, dochs daliks sjocht wêr't har kettinkje leit. Se pakt it hastich fan de grûn en besiket it kettinkje wer om de hals te krijen.

Yn gedachten heart se har mem noch sizzen, doe't se by it ferstjerren fan beppe Teats it sulveren krúske krige: 'No moatst hjir fansels wol hiel sunich op wêze en it net weislepe. Dit is in erfstikje fan dyn beppe dêr'st nei neamd bist.' Se sjocht mem har warskôgjende eagen noch foar har. En no wie se it ferdikke hast kwyt.

De oare susters drave al nei de sikehûspoarte mar Jo, Teatske har freondinne en Esther, it Joadske kollegaatsje, bliuwe efkes by Teatske en helpe har om it sieraadsje wer om te krijen. Dan stowe se ek fluch efter de oaren oan om noch op 'e tiid te kommen.

Spitigernôch sjogge se dat de poarte al ticht en op 't slot sit. De hiele ploech bliuwt efkes ferslein stean, no moatte se



dóchs foarom. Alle kâns dat se dat aaklike Dútske frommes, Zoëlla, tsjin it liif rinne sille.

‘Och dy ferrekte Swel ek, mei har lilke rotkop!’ ropt Lies, it grubbekje en de bretaalste fan de ploech. ‘Wat sil se wer boas wêze en prottelje en skelle op ús, yn har bargedútsk!’

Lies hat wol gauris in grutte mûle tsjin de ‘Swel’ en se is de iennichste fan it klupke jonge ferpleechsters dy’t dat oandoart. De oaren ha allegearre stik foar stik in hillich ûntsach foar dizze driigjende, ûnfreonlike non.

En ja hear, fansels stiet Zoëlla harren op te wachtsjen as se meiinoar oanskilje en troch de haadyngong moatte. De non stiet mei it grutte, grouwe liif efter de doar om de dames op te heinen. Har gesicht is ferlutsen yn lilkens en se hat de hannen striidber yn de side.

‘Sie sind zu spät,’ blaft se, ‘und Sie denken dasz es so kann?’ ‘Eh minske, it is kwealik oer achten,’ batst Lies der bretaal oerhinne.

Teatske soe dat net heal doare en sjocht eangstich nei de noartske Dútske non en bewûnderet tagelyk Lies dy’t it foar de hiele te let kommende ferpleechsterploech opnimt. Wat soe se graach ek sa moedich wêze wolle as Lies en sis dy bazige, arrogante non ris in kear goed dêr’t it op stiet.

‘Du bist ein freche meid. Und auch eine friesche styfkop!’ sneart Zoëlla, wêrop Lies antwardet: ‘No, better in Fryske styfkop, dan in Dútske dwerskop!’

De ferpleechsters hâlde har de siken yn, by safolle brutaliteit fan Lies. No kin der wolris in protte straf efterwei komme. Zoëlla lit har net tebeksette troch sa’n flarde en seit mei in aaklike behearske stim en kille eagen dat Lies har by moeder-overste suster Siviarda melde moat.

Siviarda is net sa’n min kadaver as Zoëlla, wit Teatske. It is in wize, ferstannige non dy’t meastal wol mei in begrip

glimke lústeret nei har pupillen en tagelyk ek tagedienens toant oan har kollega-susters. Dizze moeder-overste mei har leaf rimpelich antlit en har sêfte eagen is in mylde frou en sil wol mei de hân oer har hert strike, as Lies har dêr meldt.

De oare susterkes komme mei in fikse warskôging en de skrik frij en sjogge dat se gau nei harren susterferbliuw komme.

Jasses wat in konsternaasje wer. Sa as sa faak is it net altyd like maklik as Zoëlla harren betraapje wol op dingen dy't net hielendal doge, lykas in minútsje te let komme. It is in strange frou en it liket krekt as skept se der behagen yn om de jonge lekeferpleechsters, dy't yntern yn it Bonifatius binne, de skrik op 'e lea te jeien.

Yn dit hospitaal yn Ljouwert is fier foar de oarloch in Dútske susteroarder út Münster stasjonarre. It binne relegieuzen fan de orde der Franciscanessen. Sa'n 59 Dútske nonnen ferpleegje, bystien troch Fryske lekeferpleechsters, de pasjinten dy't op de klasseôfdielingen lizze. Yn it Bonifatius hospitaal binne Dútske militêre dokters oanwêzich, in gefolch fan de oarloch, de saneamde ynkertiering fan Dútske offisieren. De Wehrmacht hat in grut diel fan it sikehûs foardere.

It is apart om nêst Fryske ek Dútske pasjinten te ferpleegjen yn dizze tiid fan besetting. Teatske wit dat har heit it hielendal neat fynt dat syn âldste dochter yn in sikehûs wurket dêr't ek Dútske dokters en pasjinten binne.

Teatske prakkesearet der hiel oars oer: pasjinten bin' pasjinten, se binne siik en moatte holpen wurde. As it no Dútsers, Hollanders as Friezen binne, dat makket har neat út. It wurk is net gefaarlik, leit se faak oan har heit-en-dy út. 'Salang as ik my oan de regels fan it sikehûs hâld, is der neat oan 'e hân.' Boppedat, se hâldt in ôfgryslík soad fan har wurk op de earste klasse ôfdieling fan it 'bonne hos' sa't it sikehûs ûnder de ferpleechsters neamd wurdt.

Se kin goed opsjitte mei de Dútske militêre dokters en wol spesjaal mei dokter Michel. Hy is bysûnder attint en freget faak hoe't it mei har giet as er sjocht dat se lêst hat fan seare, yrritearre eagen. Hy en de oare dokters meitsje gjin ûnderskied tusken Nederlânske of Dútske pasjinten, alle minsken moatte holpen wurde.

It is ek moai om mei in ploech jongfammen fan har eigen leeftiid om te gean. De wille dy't se meitsje en de gesellichheid soe se net graach misse wolle. Teatske hat yn Jo in wiere hertsfreondinne fûn en ek de Joadske Esther is har tige nei. En dan dy bretale flerk fan in Lies. Se ha meiïnoar in soad wille om har brike setten en moatte stikem wol ferskriklik laitsje om Lies har snedige sechjes en har grof taalgebrûk. Esther komt noch efkes by Teatske op har keamer om te freegjen oft se miskien de sneintemiddeis mei har nei har thús ta wol op de Foarstreek yn Ljouwert. Dêr hat Teatske wol earen nei, se wol net te faak nei hûs. Se fielt de druk fan thús.

Oan de iene kant kin se sa langje nei har âlden en bruorren en suskes, mar oan de oare kant moat se heit wer ûnder eagen komme en hy wol mar wat graach dat syn dochter wer thúskomt. Teatske fernimt dat oan syn freegjende eagen. Dy leave goeie eagen dy't har sa hifkjend en ûndersykjend oansjen kinne. Mem hat dat wat minder. Se tinkt dat mem ek wol bliid is mei it lean dat se fertsjinnet yn it sikehûs en dêr't se it grutste diel fan ôfdraacht. Se kinne it thús wol brûke.

\*

Op in kâlde sinnige sneintemiddei rinne Esther en Teatske nei de Foarstreek om by widdofrou Izaaks, de mem fan

Esther, in bakje tee te heljen. Esther har mem wennet dêr sûnt de dea fan har man allinnich mei har twa soannen. Dochter Esther is yn'tern yn it Bonifatius.

It is in aaklike en spannende tiid foar dizze Joadske minsken dy't yn Ljouwert in goed rinnende antyksaak ha. Yn dizze tiid is alles sa ûnwis, want 13 april fan dit jier hat der yn Ljouwert in razzia west. Der binne Joadske famyljes deportearre, nei... Ja, wêrhinne? Net in minsk wit it krekke derfan. Der binne in protte fragen, mar gjin antwurden. *Arbeitseinsatz* sizze se, mar der binne ek oare geroften. Eangstige, ûnleauwige ferhalen geane der om.

Op de Foarstreek steane alle gearre foarname grutte huzen mei hege spiegeljende ruten en in stiennen trepke nei de steatlike foardoar. By ien fan dy prachtige huzen geane se troch de steech nei de efterkant fan it kolossale hûs.

Teatske sjocht ferwûndere nei de grutte tún mei goed ûnderhâlden perken en prachtige hege beammen. Wat in romme tún tinkt se, hoe is dat mooglik, sa midden yn de stêd?

'Kom,' seit Esther en pakt Teatske by de hân om har mei te lûken nei de efterdoar.

De mem fan Esther stiet dêr al en beide fammen wurde dy sneintemiddeis tige hertlik ynhelle troch dizze golle bliere frou. In grutte donkere frou mei opnimstige eagen en de ûnmiskenbere trekken fan it Joadske ras.

Teatske sjocht har de eagen út en fernuveret har oer safolle pracht en preal. Dit is wol in hiel oar ynterieur as by har thús. Op de flier lizze djoere, kleurige Perzyske tapiten en de kasten binne fan moai glânzjend ynlein mahoankehout, dat in rike útstrieling jout.

Op de hege ranke blomtaffeltsjes foar de grutte finsters lizze fyn kanten kleedsjes mei wielderige franje deroan en dêrop

steane prachtige brede farens yn koperen blompotten. Oeral stean moaie fazen en it teeservyske is sa te sjen fan djoer porslein.

It jongste bruorke fan Esther, Daniël, jout Teatske in hân en giet dan wer gau, mei alle oandacht foar syn boekje, sitten te lêzen, suver oprôle yn in grutte fauteuil. Esther har mem fertelt dat Daniël sa ferskriklik folle fan lêzen hâldt, en dat de master fan syn skoalle him lêsböeken lient. Daniël sit op de Dusnus-skoalle, it iennichste plak yn Ljouwert dêr't noch ûnderwiis jûn wurdt oan Joadske bern. Op de oare skoallen binne Joadske bern, sa't de besetter besluten hat, net mear wolkom. Wat is it ellindich tinkt Teatske, dat dizze bern sa de dupe binne fan de diskriminearjende tinkwize fan it Dútske rezjym.

Underwilens praat de mem fan Esther al wer oer oare dingen, sa as de resepten fan har koekjes en oare lekkernijen. Se drinke tee út de moaie kopkes en krije der typyske joadske rugelach koekjes by mei kaniel en walnút deryn. Hjir yn dizze prachtige keamer fan de famylje Izaaks kin je neat fernimme fan earmoede of oarloch.

Op de skitterjende, glêdwreaune kast stiet in sulveren list mei dêryn in foto fan Jacob Izaaks, de ferstoarne heit fan Esther. Hy wie in respektabele antikêr en hie yn de jierren foar de oarloch de lytse antyksaak ta in grutte, bloeiende ûndernimming makke. No besiket de âldste soan Otto de saak yn dizze drege tiid fuort te setten, fertelt Esther har mem grutsk.

Soe dizze frou gjin grutte soargen ha? freget Teatske har ôf. Hoe kin se sa bliid en posityf oer de takomst fan de saak prate wylst se wit dat de oarloch safolle kapot makket, en de besetter sa 'n diskriminearjende hâlding hat tsjinoer har eigen Joadske folk?

Der wurde Joaden dy't in goed rinnende winkel ha, samar troch de Dútsers út harren saak setten. Der kamen dan Dútske behearders yn, 'Verwalter' waarden se neamd. Sommige saken wurde iiskâld opheve of ferkocht. Mar de fanâlds goed bekende antyksaak Izaaks is noch yn besit fan de famylje.

De widdofrou is fol lof oer har soan dy't sa ôfgryslík goed syn bêst docht om de saak suksesfol te hâlden, nettsjinsteande de ekonomyske stilstân yn ferbân mei de besetting. Teatske sjocht de grutskens en bewûndering yn de donkere eagen fan Esther har mem as se it oer har bysûndere âldste soan hat. It is neffens Esther har mem in wûnder dat dizze soan de saken sa goed foarinoar hâldt yn dizze tiid. Teatske tinkt harres derfan. Wat foar in grut 'wûnder' dizze fint dan wol net wêze mei?

As Esther har mem Daniël meinimt foar in kuierke efterhûs yn de sinne, oars sit er de hiele dei mei syn wite noaske yn 'e boeken, giet Esther nei de keuken om kofje te setten. Teatske heart stappen op de gong, de doar fljocht iepen en dêr stapt 'it wûnder' ûnferwachts de keamer yn.

Dêr stiet er.

Fernuvering en bewûndering yn syn donkere, opnimstige eagen, dat er net syn famylje oantreft, mar in kreas famke, dat him mei har fine kopke omliste troch krolderich lang koperread hier, as troch de bliksem slein, stoarjend oansjocht. Se kin har eagen net fan him ôfhâlde.

Wat in ferskinning!

Sa't hy dêr stiet, mei syn lang, krêftich slank lichem en knappe kop mei donker hier.

In ûnfoarstelbere oanlûkingskrêft giet der fan dizze jongeman út.

En dan dy eagen.

Donkergrize eagen dy't har bewûnderjend en yntinsyf oansjogge.

Teatske fernimt dat se in kleur as fjoer kriget as se yn de eagen fan dizze man sjocht, in man, sa as se noch nea yn har libben sjoen hat. As oan 'e grûn fêstneile troch har ferlegenheid en it ûnbegryplike hammerjen fan har hert, kin se har blik net ôfkeare en moat se him oanienwei oansjen.

Teatske fielt dat se hielendal fan slach is, as se yn de betide jûn, earm yn earm mei Esther werom rint nei it hospitaal. Se lústeret mei in heal ear nei it gekwebbel fan Esther, mar har tinzen wurde hielendal yn beslach nommen troch de moeting mei Otto.

Se heart yn gedachten wer syn waarme stim.

Se sjocht wer syn oandachtige, yntinse blik dy't har hert oerstjoer makke.

Se fielt wer syn krêftige fingers doe't er har by it fuortgean in hân joech. Hy hie har hân lang fêst, wylst er har djip yn 'e eagen seach.

Hy sei: 'Sjoch ik dy wer?'

De kleuren wiene har op en ôf gien en se hie it gefoel dat se yn 'e brân stie. Mei in bûnzjend hert hie se sêft 'ja' sein.

Se koe fernimme oan syn blik dat er yn himsels wille hie dat sy sa'n kleur krige. Earlik sein hie se noch nea earder sa'n oantreklike man sjoen. En dizze sjarmante jongeman hie belang by har. Hoe is 't mooglik, tinkt se by harsels. Sy, it gewoane doarpsfamke Teatske mei har skeinspruten en brúnread hier, neat gjin bysûnders.

Syn oanlûkingskrêft op har is ôfgrysluk sterk en se freget har ôf hoe't in minsk yn ien klap sa ûnfoarstelber fereale wurde kin. Har hert barst hast fan blydskip as se betinkt dat se him ynkoarten wer sjen sil.

\*

As suster Zoëlla tongersdeitemiddei de post útdielt oan de ynwenjende lekeferpleechsters is der dizze kear wer in brief foar Teatske by fan heit en mem. Lies kriget ek berjocht fan har thús, út Dokkum. Se is sa bliid as in bern as se de brief ûngeduldich út de hannen fan de non pakt. It leveret har in yrritearre, lilke blik fan de ‘Swel’ op, mar de non hâldt har smelle lippen stiif opinoar. Lies dûnset mei de brief fuort om him daliks te lêzen. Teatske tinkt dat se slim ûnwennich is fan har thús en dat Lies dêrom ek wolris wat bot en skerp út de hoeke komt.

Se stekt de brief yn de bûse fan har unifoarm en tinkt by harsels dat se hast wol riede kin wat der yn stiet. Heit sil wol freegje wannear’t se fan plan is om wer nei it âlde doarp werom te kearen. Hy is fan miening dat foaral it militêre fleanfjild dêre yn Ljouwert in grut gefaar wêze kin foar syn dochter.

Dat is fansels wol begryplik, mar it is relatyf mar in lyts fleanfjild en it sil net sa gau platbombardearre wurde. Alhoewol’t ôfrûne jannewaris de Ljouwerters opskrille waarden, doe’t Ingelske fleantugen, dy’t opjage waarden troch de Dútsers, harren bommelading kwytrekken boppe de stêd Ljouwert. Dêr foel in bom op de Julianastrjitte, de Willem Loadewykstrjitte, de Emmakade en de Spoarstrjitte. Fjouwer minsken hiene de dea fûn.

Yn it sikehûs wiene se allegearre skrokken fan it loftalarm. It hat djippe yndruk makke. Elkenien hat yn spanning sitten. Guon pasjinten binne o sa yn panyk as it alarm ôfgiet en kinne hast net wachtsje en wolle sa gau as mar mooglik is nei de skûlkelder ta.

Teatske is gelokkich net sa bang útfallen en se wit hoe’t se



trochpakke moat as it loftalarm ôfgiet. Se hat der in goed systeem yn om de pasjinten effisjint en fluch nei de kelder te bringen. Alle jûnen set it ferpleegjend personiel de brankaars alfêst klear op de gong, sadat se yn gefal fan need, drest mei de pasjinten nei de skûlkelder kinne. Se leare ek om allegearre goed te lústerjen nei wat der krekt yn de loft bart. Is it in opstijgend fleantúch fan de militêre basis of in oerfleanend fleantúch? Je kinne ek hearre as it fleantúch delgeand is of boppe de stêd hingjen bliuwt. Se binne der op 't lêst sa op ôfjage dat se it ferskil tusken de Ingelske en Dútske fleanmasines hearre kinne. Lies kin it net litte om dan mei te dielen dat it 'de tommys' binne of 'dy ferrekte moffen'.

De fertsjusteringsmaatregels binne mei soarch útfierd en op it dak fan it hospitaal is in read krús oanbrocht. Allegear omstannichheden dêr't je min of mear oan wend reitsje en dêr't je sa goed as mooglik is, nei hannelje. En dan kin je wol elke kear bang wêze, tinkt Teatske, mar dêr wurdt it net better fan. Je binne der foar de pasjinten en meiïnoar moat men besykje om dizze tiid sa goed mooglik troch te kommen, sa prakkesearret sy deroer.

As se letter op har keamer de brief iepenmakket en de tichtbeskreaune feltsjes postpapier lêst, skriuwt heit, sa as se wol tocht hie: dat mem en hy it better fine dat se sa gau mooglik nei hûs ta komt. Se wolle dat se har betrekking opseit, want heit fynt it gjin pas jaan dat se sa nau gearwurket mei de Dútske susters en dokters. En tsjintwurdich ek al dy ynkertiering fan Dútske soldaten, de tastân yn it sikehûs wurdt hieltyd nuodliker, dus it moat út wêze, skriuwt heit. It hat no moai genôch west. Boppedat hat mem thús ferlet fan Teatske har help. De húshâlding wurdt drokker, omdat der evakuees út Amsterdam komme sille.

De letters dûnsje Teatske foar de eagen, se wol en kin net fierder lêze. Moedeleas lit se de feltsjes papier mei it boadskip yn de skoat lizze en beprakkesearret hoe't se hjir no wer ûnderút komme moat. Se wol absolút net nei hûs. Stel je foar, sa fier fuort fan Otto, dy't se tsjintwurdich geregeld sjocht. En dan alles hjir misse moatte, de minsken fan it hospitaal. En net te ferjitten, har freondinnen: Jo, har hertsfreondinne, dêr 't se alles mei beprate kin oer Otto, har ferealens en alles wat har rekket yn it libben. Lies, it grutbekje dêr't se soms sa om laitsje kin, mar dy't se ek wolris in bytsje teplak sette moat. En Esther, de moaie Esther, dy't har boadskip fan en nei Otto oerbringt.

'Do bist myn postiljon d'amour,' hie Teatske al ris út de gek lake.

'Allinnich dat?' frege Esther teloarsteld.

'Nee, ik woe dy net kwetse, do betsjutst wier in hiel soad foar my,' hie Teatske der mei klam efteroan sein.

Se bewûnderet it Joadske frommeske dat kalm en evenredich har wurk docht yn it diel fan it sikehûs dêr't in soad Joadske pasjinten lizze. Soms hâlde se dizze Joadske pasjinten langer yn it Bonifatius hospitaal as nedich is, wit Teatske, omdat it bûten it sikehûs net feilich is foar dy minsken. Yn it sikehûs is gjin oarloch, alderhande folk rint der om: Dútsers, Joaden, Friezen, hiele oare noarmen en wearden jilde der binnen de muorren fan it hospitaal. Oer it algemien ha de Joaden wol flink jild te besteegjen en lizze se op in klasseôfdieling dêr't ek in spesjale keuken by heart, dêr't it iten 'koosjer' taret wurdt.

Ferline wike stie er samar op in jûn by de efterútgong fan it hospitaal. Esther hie it boadskip fan har broer oerbrocht: kertier oer fiven sil Otto by de fytsestalling efter it sikehûs stean.

Se koe hast net wachtsje oant har tsjinst ôfrûn wie, mar tagelyk hie se pine yn't liif fan de spanning.

Fol langstme wie se, om dizze jonge wer te sjen, yn syn eagen te ferdrinken en syn earms om har hinne te fielen. It hert sloech har as in lammesturt doe't se him dêr stean seach, lang fan stal, in bytsje ûnferskillich leunend tsjin de izeren buizen fan de stalling.

Op 'e nij rekke se wer ûnder de yndruk fan syn kreaze ferskinning, en dizze knappe jongfeint kaam om har, in deagewoan doarpsfamke. Gjin frou mei moaie blonde lokken of in wielderich foarme lichem, mar in spjochtich famke mei brúnread krolderich hier, in blanke hûd en skeinspruten om de noas.

Hy heinde har op doe't se nei him ta draafde. Hy sei neat, mar seach har djip yn de eagen. Dy blik fan him, it makke har totaal fan streek. Syn hannen omfetten har kopke, hy bûgde him nei har ta en drukte syn lippen sêft op har mûle. Syn oanrekking makke dat der in skok troch har hinne gie, se fiede it ûnder yn har búk. Har hert makke spronkjes en se moast hieltyd flugger sykhelje, sa makke de opwining him master fan har liif.

Se krûpte him oan, dizze hiele moaie, knappe man mei syn fassinearjende foarkommen dêr't se as in blok foar fallen wie. Se hie finaal har hert ferlern oan dizze mear as sjarmante man. Dizze galante, oantreklike, sensuele, leave Joad.

De doar fan har keamer fljocht mei geweld iepen en Lies komt der hastich yn, swaiend mei de brief fan har thús.

'Giest yn augustus ek mei nei Dokkum?' freget se entûsjast. 'Alle jierren yn augustus hawwe wy by ús yn de stêd de Bonifatius beafeart. Do kinst dy sneins dan moai mei my mei Teats, nei ús thús yn Dokkum, en Jo giet fansels ek mei!'

‘Moatst dy foarstelle,’ seit Lies, ‘hast alle Roomsk-katolike jonges út Fryslân komme dy deis yn Dokkum op dy beafeartdei. In hiele protte roomske minsken komme fan fier út de omkriten, om de oertinkingstsjinst by te wenjen. Se komme op de fyts, of mei bussen. Kloften katoliken dogge mei oan de beafearttocht en net te ferjitten,’ Lies wiist mei ien finger yn de loft en hâldt har kopke skeef mei yn har eagen in in triomfantlike blik, ‘in hiele protte jongfeinten. No fanke, earlik wier, dan hast de mannen foar it útkiezen!’ jubelet se fierder. ‘It is dan drok en gesellich by ús yn de stêd.’

‘Ik ha der in soad oer heard,’ antwurdet Teatske, ‘Rinus, ús heit syn slachtersfeint giet ek alle jierren derhinne op de fyts mei in hiele kloft jongemannen.’

Lies sjocht nei de feltsjes papier yn Teatske har skoat en freget: ‘Hast ek in brief krigen fan dyn âlden?’

By Teatske stiet it skriemen neier stiet as it laitsjen as se fertelt oer heit en mem dy’t wolle dat harren dochter nei hûs ta komt. Mar dat st dat beslist net wol. Se wol hjir de boel net yn ’e steek litte, der binne al genôch lekeferpleechsters fuortgien doe’t der hieltyd mear Dútkse soldaten ferpleegd wurde moasten. Mar it alderwichtichste is dat se net sa fier by Otto wei kin. Se wol him sa faak mooglik sjen en dat wurdt neat as se safier fan Ljouwert ôf komt te sitten. Se sit beslist net te wachtsjen op heit en mem, dy ’t har gongen neigean sille. Hjir yn Ljouwert is se frij en kin se sels útkieze mei wa’t se omgiet.

De reaksje fan Lies is hiel oars as dat Teatske ferwachtet. Ynstee fan in stikje begryp en meilibjen, stiet Lies drekst al mei in oardiel klear: ‘Fanke, wat dochst dochs yn fredesnamme mei sa’n brillejoad, sykje in aardige frisse Fryske keardel út!’

Wêrom seit se soks no, freget Teatske har ôf. It docht har sear dat Lies sok praat hat. Altyd sa’n skerpe miening en dy fuortendaliks nei bûten goaie.